# LINEPRAAT

Doarpskrante fan Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum




**9**
Opening Bloeiweek

**22**
Zilveren jubileum reduzum.com

**49**
Keatsen: KNKB 1e klas dames en heren

**Linepraat** | Oktober 2025

(advertentie)

# Altijd uitstekend bereikbaar!











**Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!**

***Hallo*** **JUMBO** ***Grou***

FOAR GERM

No rint it jier ta 'n ein.
It libben hâldt him yn.
Ferdwynt yn diis' en rein.
En al wat grut wie
tierich bloeide
blom en dier
en minske ek
hat west.

Liket it ...

Mar yn de plant
sit al de knop
foar wer in simmerskoft.
En minske en dier
jout libben troch
yn tinzen en yn die.

De tiid hâldt op.
De neitins bliuwt.

*Piter Renia*

Scan de QR-code om de artikelen 'Wa bin ik', 'In slach om de buorren' en 'Sinjaalpetear' in het Nederlands te lezen op reduzum.com.

## De earrebarren

Twa jier ferlyn stiene se mei-inoar op 'e foto yn de Ljouwerter Krante, mar faaks hat dat harren net sinnige: ferline jier wiene de ljochtmêsten gjin inkelde kear beset.Hoe oars is it dit jier: betiden in dûbele besetting op eltse peal.

Efkes byprate, hoe't de dei ferrûn is? Utwikseling fan nijs oer kikkertrike gebieten of oerlis oer it oansteande reiske nei Afrika? Der wurdt wat ôfkleppere! Lang net alle eiberts reizgje nei fiere oarden. Yn minne tiden binne der fokprogramma's opset foar dizze beskerme fûgel en men wol wol hawwe dat benammen dy jonge fûgels net nei it suden fleane. De winters, dy't men gjin winter neame kin, sille der ek ta dwaan.

Oerdei sjochst se rinnen. Se tinke faaks dat we se net sjogge as se, ek swart-wyt, ûnopfallend tusken de swartbûnte kij fan Tamme rinne, mar it kin treffe dat der wol tsien tusken paradearje. Mar ek yn it frije fjild wurdt drok nei iten socht: kikkerts, mûzen, wjirms, slakken, mollen, ynsekten.

De ûle stiet dan wol bekend om syn ûleballen, mar ek de earrebarre kin der wat fan. Grutte swarte plakkaten lizze ûnder de ljochtmêsten op de tennisbaan en iisbaan.

It bliuwt in pracht gesicht, dy grutte bûnte fûgel, rêstich swevend op de termyk om dan efkes letter mei in protte drokte en oerlis parmantich op ien poat heech yn waar en wyn op in mêst te stean en dêrnei de kop yn de fearren te stekken.

*Henk Korf*

## Yn dizze Linepraat




Wisten jo dat....5
Efkes puzelje....7
Aginda....7
Reduzum Bloei....9
Koart nijs....13
Dit bin ik....15
'Tour for life'....17
Wa bin ik....19
In slach om de buorren....21
Redúster Bierblikbrouwers....21
Zilveren jubileum reduzum.com....22
In talich stikje....25
Koart nijs....27
Programma Akademylêzingen....28
Doarpsbelang Reduzum....33
Sinjaalpetear....35
Nijs fan de Sakeclup....36
Nijs út Friens....39
Boekresinsje....39
Trije Doarpen Skoalle....41
Keatsen....47
Kuorbal....51
Merke....53
Tennis....55

**Volgende uitgave**
De volgende Linepraat verschijnt op 14 november. Kopij hiervoor kan worden aangeleverd tot vrijdag 31 oktober om 12.00 uur via linepraat@reduzum.com.

***Colofon***

Linepraat is de dorpskrant van Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum en verschijnt 10x per jaar in een oplage van 650 ex.

Kopij aanleveren in Word (in Google-lettertype Outfit regular 10) via linepraat@reduzum.com, foto's apart aan de mail hangen (via paperclip)

*Redactie:*
Sietie Boersma, Gerrit Jeuring, Jantsje Kalsbeek, Henk Korf, Geesje Oosterloo. **De redactie kan kopij inkorten of geheel weigeren.**

*Vormgeving*: Jeltsje Brouwer, Sygnie Steegstra, Titia Tilma.

Print: Zalsman bv

Bezorging: Geeske Smorenburg

Advertenties: voor informatie en tarief: advertentie@reduzum.com




Levering aan particulieren en horeca. Op afspraak geopend.

Familie Kerkhof | Leppedyk 56, Akkrum | www.fryskblackangus.nl

## Peuteropvang in Reduzum

**Kom gerust een keer langs!**

Peuteropvang “**De Earste Wjukslach**’ is een locatie speciaal voor kinderen tussen de 2 en 4 jaar. Kinderen kunnen twee dagdelen per week komen spelen. De peuteropvang is een veilige en stimulerende plek, helemaal gericht op de ontwikkeling van kinderen. Met ons tweetalig beleid krijgen Fries en Nederlands beide gericht aandacht. Daarnaast werken we met voorschoolse educatie om spelenderwijs te leren. We verwelkomen jouw kind graag bij Peuteropvang De Earste Wjukslach!







**Kijk op kidsfirst.nl of scan de code**

Kids First Kinderopvang

**Contact**

Peuteropvang “De Earste Wjukslach’
PO.EarsteWjukslach@kidsfirst.nl

Master Gorterstrjitte 9a
9008 TB Reduzum (Roordahuizum)
Tel: 06-58971100

- de skoalbus foarearst allinne noch mar nei Friens ride hoecht?
- der no gjin bern út Idaerd komme en it einige mei in tankkaart fan de Roorda's?
- yn it midden fan de Master Gorterstrjitte de krystfersiering noch blier ljocht jout?
- de poes fan Sjouke en Trea in prachtich plakje mei de merke hân hat?
- de túnfersieringstinte in moai waarm skaadplak, mar tagelyk in wynfrij sliepplakje wie?
- Margriet Wissmann in persoanlik streefbedrach fan € 2500 hie foar har Tour for Life?
- de anty-kanker-sponsorfytstocht fan Italië nei Maastricht goed € 4000 oplevere?
- Pieter mei de bern (en Fryske flachjes fansels) oan de grins stie te wachtsjen?
- Jesper Tolsma mei syn team winner waard fan de wrâldbeker beachkuorbal?
- hy as toernoaitopskoarer mei in swiere gouden medalje de fleanmasine ynstapte?
- Lars Tijssen ek thús kaam mei in medalje, hy fan it Europeesk kampioenskip keatsen?
- hy yn België meidwaan mocht oan wedstriden foar jongerein yn ferskate dissiplinen?
- Friens syn tintekamp wer hân hat, wêrby't sels sylboaten en útholle surfplanken as sliepplak tsjinnen, mar de geselligens fansels fier de boppetoan fierde?
- ús redaktrise Janet foar har rubryk "Dit bin ik" (berneynterviews) in opfolger siket?
- Reduzum, it tolfde doarp fan de Alvestêdetocht, winner waard fan de strjitfersiering?
- eins alle strjitten wol in earfolle fermelding ha mochten, elts geweldich syn bêst die?
- ús tsjerken gelokkich dochs selsstannich troch gean ûnder in nij bestjoer?
- de iepening fan de blommesaak "Op Stâl Deco" fan Grytsje in protte folk luts?
- rûnom de boarterstún by it sportfjild in prachtich moai en stevich stek pleatst is?
- Ale de Fisker der in konkurrint by hat en net wiis is mei de fiskotter yn de bûtenfeart?
- dat bist fan It Swin ôf nei it fabryk swimt, by it gemaal keart, knypeaget en werom giet?
- yn de Vrij Nederland 'de Revolutie van Reduzum' (kollektyf behear, mienskip!) oer in grut tal siden beskreaun wurdt en sjoen wurdt as in miste kâns foar oerheden?
- de QR-kuierrûte (prachtige filmkes en bylden) mei 'Reduzum bloeit' iepene is?

---

**Per abuis is onderstaand schrijven niet in de vorige Linepraat gekomen. Inmiddels is Germ van Essen op 15 september j.l. overleden. Op verzoek van de familie wordt onderstaand bericht alsnog geplaatst.**

Bêste doarpsgenoaten,

Nei 66 jier hawwe wy dizze moanne Reduzum ferlitten. Mar ferjitte dogge we net. Foar ús bliuwt it in plakje yn it binnenste fan ús hert. It doarp, de minsken en de oantinkens sille wy nea ferjitte. Wy hawwe hjir in prachtige tiid hân en wolle jimme allegearre betankje foar de waarmte, de freonskip en de mienskip dy't wy hjir fûn hawwe.

No wenje wy tichtby Barrahûs: oan de iene kant it spoar, oan de oare kant de dyk, en dêrtusken Palsma Zathe – in prachtige soarchbuorkerij – mei útsjoch oer de greiden.

Ek wolle wy by dizze gelegenheid alle rinnende lidmaatskippen ôfslute en jimme dêrfoar betankje.

Binne jimme nijsgjirrich nei hoe't wy no wenje? De kofje stiet klear op de Piskhoarnedyk 1, 8912 CE Ljouwert. Kom gerêst del!

Mei waarme groetnis,
*Germ en Alie van Essen*


'ELTS MINSKE IS OARS,
ELTS ÔFSKIE IS OARS'
Uitvaartzorg
Bijlsma
Anna Bijlsma
06 10 33 03 37
dag en nacht bereikbaar


Jouw persoonlijke financieel adviseur
in Grou en omstreken
Wij staan
klaar voor
particulieren én
ondernemers
Loop gewoon eens bij ons binnen!
VAN
CAMPEN &
DIJKSTRA
Verzekeringen | Bankzaken | Hypotheken
Parkstraat 7 | 9001 AS Grou
0566 651 020 | grou@vancampendijkstra.nl
www.vancampendijkstra.nl/grou

De antwoorden van de puzzel in de Linepraat van juli, 15 beroepen, zijn:

1. Postbode; 2. Badmeester; 3. Logopediste; 4. Loodgieter; 5. Brandweerman; 6. Laborante; 7. Journalist; 8. Bankbediende; 9. Boekhandelaar; 10. Telefoniste; 11. Makelaar; 12. Uitgever; 13. Zangeres; 14. Informaticus; 15. Apotheker

De prijs, een portie paling van 'Iel en Mear' is gewonnen door: Renate Porck. Van harte gefeliciteerd!



Dan nu weer een nieuwe puzzel; welke Nederlandse stads- en plaatsnamen worden hier bedoeld?

1. Heerlijk dat grote gebouw
2. Woningen achter de instrumenten waar je mee kust
3. Niet vieze plek
4. Wegkruipen voor de regen, gevolgd door een drank waar de wilde beesten voor weg zijn gelaten
5. Woud van gedorste halmen
6. Van een bepaalde grondsoort zijn deze woningen gebouwd
7. Plaats op de Veluwe die je in het westen moet zoeken
8. Dingen in een kledingstuk die wel eens worden vergeten dicht te doen
9. Groot water dat niet zouter is
10. Ik doe dat als ik denk
11. Oude lengtemaat met een hoepel, waar de bergweide voor past
12. Meisjesnaam over de Waddenzee
13. Als de aardappelen klaar zijn, worden ze uit dit vertrek gehaald
14. Springer voor een lekkernij
15. Kastelein die niet meer leeft

Succes allemaal en vergeet niet de oplossingen vóór 24 oktober in te sturen naar: puzzel@reduzum.com

---

## Aginda

| | | |
|---|---|---|
| 02 oktober | ALV Doarpsmûne Reduzum | 20.00 oere yn Café Bar De Welp |
| 03 oktober | Versmarkt | 14.00 - 18.00 oere Oan it Swin 9 by Iel & Mear |
| 04 oktober | Snoekbaars wedstrijd Nea Byt | |
| 05 oktober | Herfstconcert Friens | 16.00 uur live muziek van zanger-pianist Roon Staal in de kerk van Friens |
| 08 oktober | Oud papier ophalen | |
| 14 oktober | Samen koffiedrinken | 10.00 uur in het lokaal achter de kerk |
| 29 oktober | Tweede kamer verkiezingen | |
| 05 november | Oud papier ophalen | |
| 08 november | Gesellige jûn Friens | foar leden en donateurs fan Pleatslik Belang Friens yn It Lokaeltsje |
| 22 november | Yntocht Sinteklaas | 10.30 uur Haven Reduzum |
| | Murphey's kwis | 20.00 oere yn Café Bar De Welp |
| 03 december | Oud papier ophalen | |
| 01 januari | Nieuwjaarsduik | 12.00 uur Haven Swinlân Reduzum |

(advertentie)




## De verbindende factor tussen mens en papier

Notaris Mirjam





**Wij zorgen ervoor dat jouw wensen juridisch goed worden verwoord op papier.**

Neem contact op met
Notariskantoor Mirjam Bos

- info@notarismirjam.nl
- 0566 - 601 404
- www.notarismirjam.nl
- Stationsweg 1, Grou

NOTARISKANTOOR
mirjam bos

**Familie | Nalatenschap | Wonen | Ondernemen**

Op 21 september werd Reduzum wakker gemaakt door een heuse dorpsomroeper op een duofiets, die de dorpsgenoten opriep deel te nemen aan de eerste bloeiweek.

# REDUZUM BLOEIT

Reduzum Bloeit werd daarna geopend door een actieve sessie met Tjalling van den Berg, die Fryslân de meest gezonde provincie van Nederland wil maken. ‘s Middags waren er diverse duurzame, culinaire en creatieve workshops die werden afgesloten met een drankje en heerlijke hapjes (zelf gemaakt natuurlijk).











(advertenties)


SIGN | STORE
Reclamebelettering

Autobelettering | Reclameborden | Gevelreclame

YACHT | WRAPPING
Niet spuiten maar plakken

Volledige Romp | Biezen | Waterlijn | Scheepsnamen

Muldyk 11b, 9001 XV Grou | www.yachtwrapping.nl






Thús yn Reduzum!

Eagum, Friens en Idaerd

NVM

Parkstraat 2, 9001 AT Grou   0566 - 62 2776   mid-fryslan.nl


Kom Binnen
[redacted]
REDUZUM BLOEIT
21 - 27 SEP

*(advertentie)*

# THUISZORG BIJ PATYNA
# *VERTROUWD EN DICHTBIJ*



Bij Patyna Thuiszorg kunt u rekenen op zorg die past bij úw leven. Ons kleine en vertrouwde wijkteam kent de omgeving en kijkt samen met u naar wat u nodig heeft.

**Wij staan voor u klaar met:**

- verzorging
- verpleging
- alarmopvolging
- vakantiezorg
- intensieve en langdurige zorg bij u thuis

**Meer weten of een vraag?**

Bel **085 - 1143200**
Mail **thuiszorg@patyna.nl**

**Een kijkje achter de schermen?**

Bekijk de werkdag van zorgkundige **Marloes!**

patyna
Samen sterk in ouderenzorg

Meer informatie? Ga naar **www.patyna.nl/thuiszorg**




## Koart nijs

### Let op: het inzamelen van oud papier gaat veranderen!

Het ophalen van het oud papier gaat vanaf januari 2026 veranderen. Woensdag 3 december is het de laatste keer dat de kraakwagen wordt bemand met ouders van de Trije Doarpen Skoalle. Vanaf januari wordt het oud papier met de zijlader opgehaald en kan het oud papier alleen nog in de daarvoor bestemde container worden aangeboden.

Let op! Er kunnen geen dozen op of naast de container worden aangeboden, alleen oud papier in de container. Het oud papier wordt nu opgehaald door de gemeente en met de school is een afbouwregeling overeengekomen van vijf jaar. De nieuw ophaaldatums zullen u weer via de ophaalkalender van de gemeente bereiken.

Ik wil alle vrijwillige ouders die de laatste jaren achter de oud papier wagen hebben gelopen bedanken en natuurlijk de vaste chauffeur Mient.

Bedankt en met vriendelijke groet,

*Edwin van Dijk*
Oud papier coördinator de Trije Doarpen.

(advertentie)




# Dit bin ik



**Sanne van Dijk**
14 jier en wennet yn Reduzum

**Mei wa wennest hjir?**
Met mijn vader Richard, moeder Annie en twee broers. Mijn tweelingbroer heet Jeroen, hij is 14 en 2 minuten ouder dan ik. Mijn oudste broer heet Thijs, hij is 18.

**Nei welke skoalle giest?**
Ik zit op Aeres in Leeuwarden. Dat is een groene school, gericht op alles wat met natuur en omgeving te maken heeft. We hebben veel praktijkvakken die je op andere scholen niet hebt. Het leukste praktijkvak vind ik op dit moment Wonen en Design. Daarbij leer je hoe je dingen in huis kunt inrichten, bloemstukken maken en nog veel meer… dat vind ik erg leuk.
Het minst leuke vak vind ik Engels. Ik vind het moeilijk en de docent is niet zo leuk.
Ik zit nu in klas 3 en moet nog één jaar. Wat ik daarna wil gaan doen, weet ik nog niet precies.

**Wat dochsto it leafst nei skoalle?**
Afspreken met vrienden. Meestal zitten we in de speeltuin. Het hangt er vanaf met hoeveel we daar zijn. Het is soms best wel een grote groep. Op deze plek kan je met elkaar wat doen. We doen dan buurtstop en oversteekspel met elkaar. Dit is het leukste plekje hiervoor.

**Wat binne dyn hobbys?**
Kaatsen en voetbal. Als ik moet kiezen dan vind ik kaatsen het leukste, dit doe ik al een hele tijd.
Er zijn niet veel meiden van mijn leeftijd die kaatsen in Reduzum. Ik train daarom met de jongens mee.
Ik kan het niveau bij de jongens wel aan en ik heb een leuk en goed contact met ze, het is dus niet vervelend.

**Wat makket keatsen sa leuk foar dy?**
Je kunt er je agressie in kwijt als je boos bent, en dat is wel fijn. Het uitslaan vind ik het moeilijkst. Je moet goed inschatten hoe hoog de bal komt, en dat is soms best lastig. Ik sta het liefst als achterinse.
Ik kaats bij Keatsfan, een trainingsschool speciaal voor meiden. Daar krijg je goede begeleiding en zitten wél meiden van mijn leeftijd.
Mijn kaatsidool is Manon Scheepstra. Zij heeft mij vroeger ook training gegeven. Ze deed dat op een hele leuke manier. Nu traint ze nog steeds bij ons in het dorp, en soms trainen we samen met haar groep. Als ze langskomt, blijft ze altijd even kijken – dat is leuk.
Ik heb dit jaar geen kransen gewonnen, maar wel een leuk kaatsseizoen gehad met meestal fijne maatjes. Eén keer heb ik met de jongens meegedaan, dat was bij de afdelingswedstrijden.
Meestal kaats ik met de meiden.
Ik kan helaas niet meedoen aan afdelingskaatsen in mijn leeftijdscategorie, omdat er in Reduzum geen meiden van mijn leeftijd zijn. In de omliggende postcodes hebben ze allemaal al een partuur van drie. Dat vind ik echt jammer.

**Hoe soe dyn leukste dei der útsjen?**
Ik denk dat we ergens naartoe gaan, maar ik weet nog niet precies waarheen. We gaan in ieder geval leuke dingen doen en 's avonds lekker uit eten.
Ik ga dan samen met mijn moeder. We eten bijvoorbeeld bij de wok of bij Van der Valk.
'S Avonds hebben we een filmavond of we gaan naar een concert. Ik ben al vaak samen met mijn moeder naar Suzan & Freek geweest. Misschien binnenkort naar Roxy Dekker?

*Janet Wijnstra*



Werff talent

Brengt talent en werk samen



VAST | FLEXIBEL | TIJDELIJK | VAKANTIEWERK

06 - 33 30 89 98

0513 - 61 03 80

planning@werfftalent.nl

Bel voor jouw baan!

werfftalent.nl

DeelstraJansen
ADMINISTRATIE EN ADVIES

Deskundig, betrouwbaar
en betrokken

jaarrekeningen • fiscale adviezen • loonadministraties • belastingaangiften • bedrijfseconomische adviezen • bedrijfsoverdrachten
samenwerkingsvormen • subsidies

Wismastate 9
Postbus 52
8900 AB Leeuwarden

T (0888) 18 18 18
F (0888) 18 18 00
E info@deelstrajansen.nl
www.deelstrajansen.nl

# *Gouden fietsplaatje van ‘Tour for life’*

Bij deze een kort verslag, een terugblik over mijn belevenissen in ‘Tour for Life’. Op 27 augustus heeft Pieter mij in de buurt van Staphorst afgezet, waar ik samen met een andere deelneemster en haar begeleider naar Frankrijk gereden ben.



De rest van het team van Firda was al een week in Frankrijk. Zij waren met z’n allen in busjes die kant op gegaan en waren op dat moment hun vierde etappe aan het fietsen. Aangekomen in Vesoul kreeg ik tijdens de avondetappe een gouden fietsplaatje, vanwege het sponsorgeld wat ik opgehaald had. Erg leuk!

Na een nacht met zeer veel onweer, begon het dan echt, de eerste etappe. Het was een zware etappe met veel steile klimmen, toch bleek het klimmen mij goed af te gaan. Het dalen was niet zo mijn ding en dat heb ik heel langzaam gedaan. In de tweede etappe fietsten we de Vogezen uit, waardoor het uitzicht echt prachtig was. De derde etappe was door Luxemburg, waar de wegen een stuk mooier waren dan in Frankrijk. Uiteindelijk kwamen de we de vierde dag met het hele team aan in Maastricht, waar Pieter, de kinderen en Klaas stonden om mij binnen te halen. Een heel bijzonder moment!

Het fietsen ging mij goed af, ik kon me makkelijk over de ongemakken heenzetten en heb prachtige avonturen beleefd. Zo had ik een lekkende tent, bleek mijn rem los te zitten – wat gelukkig op tijd door de fietsenmaker werd opgelost – en in de derde rit ging ik onderuit ...

Uiteindelijk heb ik elke dag voor een salaris van een dikke € 1000,00 per dag mogen fietsen. Een avontuur wat veel voorbereidingen gevergd heeft, wat ik nooit meer ga doen, maar wat ik ook voor geen goud had willen missen ...

*Hartelijke groet, Margriet Wissmann*



*(advertentie)*

# Axon Fysiotherapie

## Uw prikkel tot herstel

**Praktijk voor onder andere:**

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie (ook aan huis)

**Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:**

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten

AXON FYSIOTHERAPIE

**Locaties**

**Axon Fysiotherapie**
Skoallestrjitte 11, Deinum

**Gezondheidscentrum Nij Franjum**
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

**Gezondheidscentrum it Kleaster**
It Kleaster 1, Wytgaard

**Telefoon**

(058) 254 22 83

**Email**

info@axonfysiodeinum.nl

**www.axonfysiodeinum.nl**

**Myn namme is Hans Brinksma en ik bin berne yn Reduzum op itselfde plak dêr't wy no wenje, Haedstrjitte 18 yn de kom fan it doarp. Dy 'wy' binne myn frou Hester (dochter fan skoalmaster Piter) en ús bern Albertine en Johannes Gerben.**



*Peter, Jaap en ik gongen nei it beheljen fan in krâns op de auto fan Douwe Jansma, troch it doarp en mar toeterje.*

Wy wenje yn it hûs dat yn it ferline tsjinst die as winkel. Myn âlden ha der fan 1973 ôf oant 1999 in Sparwinkel hân. Doe't se yn 1999 stoppe binne mei de winkel ha wy it kocht en omboud ta wenhûs. Dêrfoar ha we krapoan njoggen jier wenne op de Buorren yn de bejaardewenten.

## Wat diest eartiids?

Berne en grutbrocht op itselde plak dêr't wy no wenje, mei myn grutte sus Marjan (fan de fiskwinkel) en suske Nynke (fan Sjoed de Boer). Doe't ik jong wie ha ik in protte op de Haven fiske, boarte en spultsjes dien mei de jeugd út de buert, sa as blikspuit, hinkelje, knikkerje en tennisje tsjin de loads fan Langeberg. Simmerdeis swimme yn Friens, mar ek op de Legedyk polskespringe en aaisykje. En winters reedride en skoskesette.

Yn de jeugd in protte partijen keatst en wûn yn it partoer mei André Tolsma, Peter Tolsma, Germ Zijlstra en Jaap Jansma. Wy, Peter, Jaap en ik as balkearder, gongen nei it beheljen fan in krâns mei de auto fan Douwe Jansma, op de ymperiaal, troch it doarp en mar toeterje. It hichtepunt wie doe't wy de skoaljongesbûn wûn ha, en der in grut feest wie op de boppeseal fan it kafee. De Freule ha de oare jonges nochris wûn, mar doe wie ik al stoppe. Neist it keatsen ek kuorballe by destiids KF Stânfries en fan myn 17e oant 30ste yn de seleksje sitten en mei in protte fan dizze minsken noch hieltyd befreone. Hjoed-de-dei bin ik noch oan it keatsen en soms in baltsje slaan op de tennis- of padelbaan.

## Wurk

Fan myn 15e ôf eltse freedtemiddei en sneons yn de Sparwinkel fan myn âlden de boadskippen útsutelje op de fyts en letter de auto, útpakke, emballaazje opromje en nei sneons 5 oere de winkel dweilje. Letter mei tante Wiep de winkel yn fakânsjetiid draaiende hâlde, sadat ús heit en mem op fakânsje koenen.

Doe't ik 19 wie, fia Ben van Manen (âld-Redúster), oan it wurk gongen foar twa jier by in kleansaak yn Ljouwert, dêrnei by in supermerk, timmerfabryk, De Friesland Bank en rom tsien jier by Leen Bakker. Doe de switsch makke nei it plak dêr't ik no rom 25 jier mei plezier wurkje op de ferkeapôfdieling fan Van Vuuren yn Grou.

## Moaiste plakje

It moaiste is miskien in grut wurd, mar wol in skoander plak is by ús efterhûs yn de tún, in protte romte mei meardere sitplakken en in prachtich útsicht op de terp. As je lâns ús hûs rinne, sjogge je dat net, mar sa't ik sei, it is dêr goed tahâlden.



## Wat moat der oars

Ik ha in trijetal punten:

1. It soe moai wêze at der op termyn wer in útwreiding komt yn it doarp mei betelbere huzen foar de jeugd of âlderein.
2. Ek soe ik graach sjen dat de Jeu de Boulesbaan ergens yn de kom fan it doarp komt dêr't de minsken jûns efkes goaie en sitte kinne, miskien de Prinsetún of op de nije haven!
3. *En as lêste graach de iisbaan yn de kearn/kom fan it doarp op de terp (lân fan Galama), dêr sit je moai yn de lijte fan de huzen en kin men fan alle kanten de baan berikke. Moaier kin je it net ha neffens my.

Groetnis,
*Hans Brinksma*

*(advertentie)*




**FOAR SERVICE EN AUTO'S ÉN DUORSUME OPLOSSINGEN!**
By Haaima fine jo alles foar jo auto ûnder ien dak. Mei 11 fêstigingen yn Fryslân en de Noardeastpolder steane wy klear foar elkenien - fan partikulier oant saaklik. Oft it no giet om ûnderhâld, reparaasje of de oanskaf fan in nije auto, wy binne jo betroubere partner.

As dealer fan Opel, Peugeot, Citroën, Fiat, Jeep, Leapmotor, Abarth en Suzuki én spesjalist yn reparaasje fan alle automerken, hawwe wy altyd in oplossing dy't past. Kom del yn Dokkum, Drachten, Frentsjer, Emmeloord, It Fean, Ljouwert, Snits of Wurdum en belibje it sels!

**www.haaima.nl**

OPEL PEUGEOT CITROËN FIAT Jeep LEAPMOTOR ABARTH

# In slach om de buorren (QR-koadeprojekt)

**Snein 21 septimber wie de presintaasje fan it QR-koadeprojekt 'In slach om de buorren' yn it ramt fan Reduzum bloeit. Hjirmei kinst op njoggen ferskillende lokaasjes de skiednis fan Reduzum ûntdekke. Eltse QR ferwiist nei in filmke dêr't de skiednis ferteld wurdt fan de oanbelangjende lokaasje en omjouwing.**



Op de folgjende njoggen lokaasjes kinne jimme in QR-koade fine, dêr't de filmkes te sjen binne mei in telefoan of tablet mei ynternetferbining:

- Prinsetún
- Bankje efter it tsjerkhôf
- Krusing nei it Nijlân (Tolhek)
- Trije Romers
- Begjin skulpepaad
- Brêge Swinlân
- Leugenbankje Haven
- Begjin Haven/Kaphûs
- Trije Doarpen Skoalle

Lykas de namme al oanjout binne dy njoggen lokaasjes mei-inoar ferbûn en ideaal om by del te rinnen of te fytsen.

*Leo Smit*

It projekt komt út it 'Masterplan Reduzum 2020-2030' en is yn 2021 oppakt troch Leo Smit.
In gearwurking mei Piter Renia en Henk Korf binne earst de lokaasjes útsocht, dêr't wat oer te fertellen is. Dêrnei hat Piter een skript skreaun, by eltse lokaasje. Dat wie somtiden wol wat lestich, want oer de iene lokaasje is mear te fertellen as oer de oare.

Om alles nijsgjirrich te hâlden binne sawat alle filmkes tusken de 2.30 en 3.30 minút útkaam. Foar it gearstallen fan de bylden is gebrûk makke fan it doarpsargyf, ynternet en eigen byldmateriaal. Om eigen byldmateriaal te meitsjen, binne Frederik van Dijk en Siep van Lingen taheakke oan it projekt. Mei al it materiaal hat Siep de montaazje oppakt en de filmkes ynsprutsen.




**Redúster Bierblikbrouwers**

Ruim 10 jaar geleden was de laatste bierproefavond van eigen gebrouwde bieren door verschillende dorpsbewoners. Graag zouden wij dit nieuw leven willen inblazen.

Lijkt het je leuk om zelf bier te brouwen, meld je dan aan en brouw je eigen bier. Om de bieren goed tot zijn recht te laten komen zal er, bij voldoende deelname, volgend jaar februari of maart weer een bierproefavond plaats vinden. Opgave kan bij Leo Smit (06-51238154), Sjoerd Schipper of Jurjen Sikkes

Dat bierbrouwen niet alleen voor mannen is, bewijst de vorige winnares Gerda Huisman.

# Zilveren jubileum www.reduzum.com




**Een kwart eeuw is onze dorpssite online; de hoogste tijd om daar eens even bij stil te staan! Daarom yn petear mei in pear leden fan de hjoeddeiske ynternetgroep fan Doarpsbelang en tevens met één van de grote initiators van destijds, Harke van der Wal. Harke stelde bovendien zijn archief met alle verslagen van de eerste zeven jaar beschikbaar. In nijsgjirrich ferhaal van pionieren en steeds weer vernieuwen waarin zowel overeenkomsten als verschillen tussen heden en verleden opvallen.**

## De start

Vanuit Doarpsbelang werd in de loop van 2000 een ‘internetwerkgroep’ opgericht met als doel een eigen dorpssite het licht te doen zien. Doarpswurk, een organisatie die dorpsbelangen in Fryslân ondersteunt, was in het begin de grote aanjager middels het project ‘Op paad’. Maar verder was het heel veel zelf het wiel uitvinden. Let wel, zoals we nu gewoon zijn om computer, internet en mail te gebruiken stond toen nog in de kinderschoenen. Gebruiksvriendelijke tools bestonden ook nog niet en dus werd de site door een paar enthousiaste ‘jonge honden’ volledig zelf geprogrammeerd, opgebouwd en ingericht. Na een proeffase in de zomer van dat eerste jaar werd de site officieel aan het dorp gepresenteerd in de najaarsvergadering van Doarpsbelang. Na die enerverende start brak toen de ‘beheerfase’ aan. Namelijk, hoe maak je de site bekend, aantrekkelijk en hoe houd je ’m actueel? Om dorpsgenoten kennis te laten nemen met de mogelijkheden van internet en tegelijkertijd voor de site te enthousiasmeren werden er internetcafé sessies georganiseerd. Zo ontstond 25 jaar geleden www.reduzum.com.

Qua structuur werd door de makers vooral naar Linepraat gekeken. Namelijk door ook te werken met leden en participanten die allemaal hun eigen nieuws konden aanleveren en daarvoor op jaarbasis een bedrag van € 15,- betaalden. Inderdaad, we zitten dan immers nog in het gulden tijdperk. Wanneer er maandelijks nieuwe content moest worden geplaatst, kwam er in den beginne nog een bedrag bij. De inflatie heeft hoegenaamd geen vat op het lidmaatschap gehad omdat de leden tegenwoordig slechts € 10,- per jaar betalen. En daar kan een financieel gezonde en sluitende begroting mee worden opgesteld. Uiteraard omdat al het werk door talloze vrijwilligers wordt uitgevoerd.

## Dagelijks nieuws

Na een paar jaar van wegbereiden, aanpassen en kijken wat wel en niet werkt krijgt de site steeds meer vaste vorm. Het aantal bezoekers stijgt gestaag. De actualiteit is daarin leidend en daarom worden de ‘Linepraatsjes’ in het leven geroepen met dagelijks nieuws. Dat geeft de site zoveel ‘schwung’ dat ruim een jaar later de 100.000ste bezoeker kan worden verwelkomd op het ‘virtuele dorpsplein’, zoals het in de pers wordt genoemd. Het succes blijft niet onopgemerkt en andere dorpen nodigen de webmasters van Reduzum uit om hun ondervindingen te delen. De huidige generatie uit de groep vindt overigens bezoekerscijfers absoluut niet interessant en houdt ze niet meer bij ...

Wisten jo dat Idaerd earder in eigen doarpssite hie as Reduzum? Berdt van Oers



*Wilma, de ogen, oren en speurneus van reduzum.com*

was daar de drijvende kracht achter en hij was dermate vaardig om dat geheel zelf op te tuigen. In 2015 werd evenwel besloten om Idaerd en Eagum onder de vleugels van Reduzum op één en hetzelfde platform toe te voegen. Friens was de beide dorpen in 2010 daarin al voorgegaan.

## Redactie en redactieraad

Er wordt wel eens gedacht dat Wilma van Marrum in haar eentje de site runt, maar niets is minder waar. De internetgroep bestaat uit een drietal redactieleden die elke dag voor vers nieuws zorgen met een wat grotere redactieraad daarachter ter ondersteuning in de contacten, de financiën, correctiewerkzaamheden en de techniek.



Tegenwoordig wordt net als in de opstartfase het ICT-werk verricht door een paar handige jongeren uit onze eigen dorpen. Tweemaal per jaar komt de hele club bij elkaar, verder wordt er vooral via de app gecommuniceerd. Wilma is wel al ruim 20 jaar de vaste kracht in de redactie en daarmee degene die het langst werkzaam is voor de site. Hoe dat zo komt? 'Jo moatte der aardichheid oan hawwe, in bytsje nijsgjirrich wêze en in goede noas foar nijs hawwe. En safolle tiid kostet it my net. Soms mar fiif minuten deis.' Naast de site begeeft de redactie zich ook op de sociale media (Facebook en Instagram) en bovendien is er voor filmpjes zelfs een eigen YouTube kanaal (reduzumonline). In de oude notulen las ik dat er in het begin wel eens vervelende reacties moesten worden weggepoetst. Of dat nu vooral met die sociale media erbij niet veel erger is geworden? 'Dêr ha wy gjin lêst mei om't wy eins allinne mar posityf nijs bringe. Wy brûkten Twitter, no X, ek mar troch alle trammelant dêrop dogge wy dêr de lêste tiid hast neat mear mei.' Er wordt wel naarstig gezocht naar een alternatief kanaal. Na een afstraffing van een beeltenis waar rechten op zaten wordt er uitsluitend met eigen beeldmateriaal gewerkt. De voertaal Nederlands of Frysk in de Linepraatsjes is evenwichtig verdeeld en valt in goede aarde. 'Nepnijs ha wy wol in pear kear oan dien. Oer de kleurde beljochting fan de tsjerke en dat der in nije pinautomaat yn it doarp komme soe. Foaral dat lêste drige út 'e hân te rinnen en doe binne wy der mar mei stoppe.' Want het waren namelijk géén 1 aprilgrapjes ...

## 1001 'correspondenten'

Als meest memorabele successen van de afgelopen jaren worden genoemd 'Skobberdebonk', de 'livestream' met de belevenissen van Lieuwe Tilma en Pieter Roorda in een caravan uit de periode fan 'Doch it foar dyn doarp' van Omrop Fryslân (2011), 'Het glazen huis' als onderdeel van het Festipeval toen er bijna niets kon en mocht in de coronaperiode en de 'Kom fierder' filmpjes waarin we nader met dorpsgenoten kennis kunnen maken. Allemaal te zien op het eigen YouTube kanaal. 'Weromsjochdei' op Facebook heeft ook veel nieuwe volgers opgeleverd. En natuurlijk de rubriek 'It Skouderklopke', waarin bepaalde personen even in het zonnetje werden gezet. 'Om't minsken mei hert foar har omjouwing belangryk binne foar de leefberens fan it doarp en de ferieningen. It liket soms sa gewoan wat se dogge, mar sûnder har kinne we net.' Dagelijks nieuws zorgt voor de grootste dynamiek van de site. Nieuwsberichten die door en voor de mienskip worden aangeleverd. En dat zorgt voor connectie die de leefbaarheid in de dorpen ten goede komt. Die verbinding vormt letterlijk dé grote kracht van reduzum.com. 'Eins is elke doarpsbewenner korrespondint.'

## Wensen

Of er nog plannen voor de toekomst zijn? De homepagina wordt ongeveer elke vijf jaar vernieuwd en 'dat is no eins wer safier.' En dan is er het voornemen om een podcastserie te starten. Nieuwe input is overigens gewenst. Dus werd mij tenslotte de vraag gesteld om met een oproep te eindigen. Heb je ambities of lijkt het jou leuk om fraaie filmpjes te maken of interessante dorpsgenoten te interviewen? Kom dan deze actieve en gezellige werkgroep versterken. Do wurdst mei iepen earms ûntfongen.

*Menno Wiersma*

*Scan de qr-koade en sjoch it filmke - 20 jier Reduzum.com*

*(advertenties)*





**Café bar de Welp**



Café bar "De Welp"
Haedstrjitte 14, 9008 SP Reduzum
Tel: 0566 601541
www.cafebardewelp.nl
info: cafebardewelp@hetnet.nl
Voor al u feesten en partijen,
kom gezellig langs bij fam. Van Dijk.

# Installateur nodig?

## Electra Reduzum doet het!

23/7 service

**Wij installeren:**

- centrale verwarming
- zinkwerk
- duurzame energie
- gas
- water
- electra

ELECTRA REDUZUM



www.electrareduzum.frl  electra@upcmail.nl  0566-601554  Haedstrjitte 46, 9008 SR, Reduzum

# *In talich stikje*

**Yn it lêzersûndersyk fan it bestjoer en de redaksje fan Linepraat gong it fansels ek oer taal. In mearderheid fûn dat de ferhâlding Hollânsk en Frysk goed wie, al wiene der ek guon dy't mear of minder fan ien fan beide talen woene. Dy diskusje sil der ek altyd wol bliuwe.**

No is twataligens hiel gewoan, it grutste part fan ús wrâldbefolking is it. Njonken de memmetaal is der dan noch in taal dy't maklik brûkt wurde kin. Der binne ek minsken dy't noch mear talen sûnder swierrichheden brûke kinne. Doe't ik op dizze wrâld kaam wie dúdlik dat Frysk myn memmetaal wurde soe. Us heit en mem en myn suster brûkten gjin oare taal. Doe't ik nei de beukerskoalle mocht, sil foar it earst wat oars heard ha as it Frysk. Want ik ha it wol oer in tiid sûnder telefyzje en mar in bytsje radio en de krante. De radio yn dy tiid wie de RONO (Regionale Omroep Noord en Oost), de foarrinner fan Radio Fryslân en letter Omrop Fryslân. Wy hearden dan jûns nei in healoerke Frysktalich nijs, sport en kultuer út de studio út Grins. Ik kin my winterdeis de reedrydútslaggen noch yn it sin bringe. Dan hearde ik de nammen fan de manlju en froulju fan de koartebaan: Geert Regts, Jan Heitbrink, Boele de Vries, Martha Wieringa, Grietje Oosterhof en Jantje Venekamp-Tienkamp. Yn 1964 kaam der in helpstudio yn de Prinsetún yn Ljouwert. It duorre oant 1978 foardat Radio Fryslân troch de eter klonk mei alle dagen útstjoeringen folslein yn it Frysk. It Frysk, de offisjele twadde rykstaal, heart gewoan by Fryslân.

## 'dat ûnthjit ik'

Doe't Friezinne en Twadde Keamerlid Lutz Jacobi op 30 april 2013 by de ynhuldiging fan kening Willem-Alexander har belofte fan trou ôflei wisten in protte minsken net wat se hearden. Har belofte hie noch it meast wei fan 'dat ontken ik', of 'dat vertik ik'. De media woene sa gau mooglik tekst en útlis jaan by de 'dizige' wurden dy't Jacobi brûkte. Doe die bliken dat se it Frysk brûkt hie. Se sei net 'dat ontken ik', mar 'dat ûnthjit ik'. No wie de bear echt los. Op sosjale media kaam de fraach of soks wol rjochtsjildich wie en in protte minsken beklagen har oer it feit dat Jacobi gjin respekt foar de kening hân hawwe soe troch Frysk yn stee fan Hollânsk te praten. Hjoed-de-dei is it hiel gewoan dat de eed of belofte yn it Frysk ôflein wurdt.

## Frysksinnich

Us doarpen binne Frysksinnich en dat is moai. Wat ompiele mei dy taal is ek moai. Yn myn wurksume libben (ûnderwiis en Omrop Fryslân) ha ik in protte oan it Frysk hân. Ik fûn it moai as in mem (somtiden in heit) de doar fan it lokaal iependie en soan of dochter ophelle omdat dy nei de 'tandarts' moast. As dat wurd sein waard rôpen de oare bern 'toskedokter'. Sa maklik is it!

Taal is op it earste plak in kommunikaasjemiddel. De Fryske taal is ferbûn mei de Fryske kultuer en identiteit. Foar in soad Friezen is it Frysk de memmetaal en dy taal stiet it tichtst by dy en dêr kinst dy it maklikst yn útdrukke. Taal ferbynt, kreëarret in gefoel fan mienskip en fielt as thúskommen. It Frysk sit yn it hert en dêr binne we grutsk op!

Spitigernôch sjogge we dat de Fryske taal ûnder druk stiet. Yn it strjitbyld en op it skoalplein wurdt de oanwêzigens fan it Frysk minder; de fiertaal is hieltyd faker Hollânsk. Net alle âlden jouwe harren bern it Frysk mei, ek al binne hjasels wol Frysktalich. Dat diene sels in protte kollega's by de Omrop.

## Geef en linich

Yn de 27 jier by Omrop Fryslân hiene we geregeld ferskil fan miening. Geef en linich wie it biedwurd. Wat kin (mei) wol en wat (beslist) net. Wat je tsjintwurdich hiel faak hearre is dat de tiidwurden (werkwoorden) omdraaid wurde: "Soe Koos dat ek wolle dwaan?" Soks docht sear oan 'e earen. Geef en linich betsjut ek dat je wurden sa as lytsbern, weinig, bijna, sleutel, schaatsen en zich net brûke. It rychje hollanismen kin folle langer. In lytsbern (letterlike oersetting fan kleinkind) is gewoan in pake- of beppesizzer. Bernsbern kin fansels ek. Weinig wurdt yn it Frysk net folle of amper of hast net of mar in bytsje of in pear of net botte (wat in rykdom!). Bijna is hast of omtrint of benei of sawat en in sleutel is fansels in kaai. Wy 'schaatse' net, mar we reedride of ride en zich is him of har: hy hat him, sy hat har. As we wat minder sleau mei ús taal omgean, dan wurdt it noch moaier. It is te learen, sjoch mar nei ús kommissaris fan de Kening Arno Brok. In opstekker is dat de jongerein wol faak it Frysk brûkt yn it appferkear.

Tsjin de minsken dy't it Frysk yn ús doarpskrante dreech fine soe ik sizze: folhâlde! It begjint mei ferstean, dan prate, dêrnei lêze en de lêste stap is it skriuwen. Wy wenje yn in hiele moaie provinsje en dêr krije je in prachtige taal op 'e keap ta!

*Koos Wieling*

Idaerd • 06 - 20 62 55 31

BOELE DE VRIES
DIENSTVERLENING

Gewasbescherming • Onderhoud • Reparatie • Constructiewerk

ATW.FRIENS
Melktechniek • Stalinrichting • Vijzels • Silo's

Arjen van Balen
9009XC FRIENS
Beslingadyk 4
Mobiel: 06 – 54341080

- Melkmachines – Nieuw en tweedehands
- Doormeten van uw melkmachine door erkende "KOM" monteurs
- Stalinrichting, koe matrassen, mest scheider, mestschuiven, drinkbakken, verlichting, vijzels, silo's, minimelkers etc.

DAIRYMASTER

Website: www.atwagri.nl • Email: info@atwfriens.nl



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl

## Brandwondenstichting zoekt collectanten

Helaas komen we een aantal collectanten te kort in Reduzum/Friens en daarom zijn we op zoek naar vrijwillgers die willen collecteren voor de brandwondenstichting in week 41 (5-11 oktober).

Collecteren voor de brandwondenstichting is belangrijk want met het collectegeld zal geinvesteerd worden in wetenschappelijk onderzoek. Met dit onderzoek worden nieuwe behandelmethodes gerealiseerd. Dit maakt het verschil voor de brandwondenpatiënten.

Heb jij wat tijd over of wil je tijd vrij maken in week 41 (9-15 oktober) dan zijn wij op zoek naar jou!

Heb je interesse om collectant te worden laat het dan weten door een mail of berichtje te sturen met je gegevens naar Nelleke van der Valk; Nellekevdm@gmail.com / 0683252532

**ROTO**

# *Dochsto mei oan toaniel?*

Toanielferiening Roto is dwaande mei de tariedings foar it toanielstik foar 2026. Wy hawwe in moai stik útsocht en de earste spilers hawwe harren meiwurking tasein. Mar wy kinne noch wol in tal akteartalinten brûke! Foar sawol wat lytse as gruttere rollen. De repetysjes begjinne yn oktober en de foarstellingen wurde yn febrewaris spile.




## Fynst it leuk of wolst der mear oer witte?

Meld dy dan efkes by ien fan de bestjoersleden (Janna Rinske Bokma, Atty Gietema, Shanika Alberda of Marja Siebenga). As stjoer in mail nei toanielroto@hotmail.com

---

Hervormde gemeente Reduzum - Idaerd c.a.

**Nieuws Tsjerkefûns**

Voor de 2e ronde van dit jaar kunnen voor 1 november 2025 aanvragen ingediend worden betreffende projecten die de sociale gemeenschappen in de vier dorpen Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum ondersteunen en zo mogelijk versterken. Het aanvraagformulier staat op pagina 57 van deze Linepraat.

Wurkgroep It Tsjerkefûns

---

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand gratis in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen met een vrijwillige bijdrage van €5,- door bijgaande QR-code te scannen of d.m.v. een overboeking naar bankrekeningnummer NL12RABO 035.62.52.612.

Bij **voorbaat** hartelijk dank!

# Programma Akademylêzingen

66ste jiergong, 2025/2026

**De Akademylêzingen is in rige fan seis publykslêzingen ferspraat oer it winterskoft. Ek yn 2025/2026 hat de Wurkgroep Akademylêzingen wer in nijsgjirrich programma gearstald mei lêzingen oer aktuele, edukative, wittenskiplike en Walgemien-maatskiplike tema's.**

## Data

De Akademylêzingen wurde organisearre op trije ferskate dagen: tiisdei 18 novimber 2025, freed 23 jannewaris 2026 en tiisdei 10 maart 2026. De earste lêzing fan de dei is moarns fan 10-12.00 oere (mei kofjeskoft en fragen/diskusje), de twadde lêzing fan 13.30-15.30 oere (mei teeskoft en fragen/diskusje).

## Lokaasjes

Jo kinne kieze om de lêzingen yn Ljouwert by te wenjen of op 'e Jouwer.

- Groep I, Ljouwert: Grand Café Restaurant De Koperen Tuin, Prinsetún 1, 8911 DE Ljouwert.
- Groep II, De Jouwer: Party- en Sealesintrum 't Haske, Vegelinswei 20, 8501 BA De Jouwer.

| Datum | Groep I, Ljouwert | Groep II, De Jouwer |
|---|---|---|
| Tiisdei<br>18 novimber 2025 | 1. Ds. Herman de Vries: Levie Leeft<br>2. Notaris mr. Anna de Vries: Levenstestament en digitale erfenis | 1. 1.Notaris mr. Anna de Vries: Levenstestament en digitale erfenis<br>2. Ds. Herman de Vries: Levie Leeft |
| Freed<br>23 jannewaris 2026 | 1. Johannes Boonstra, Wetsus: Ynnovaasje yn Wettertechnology: In Frysk antwurd op in mondiale útdaging.<br>2. Paul ter Heyne, âld-reklameman: De vele negatieve gevolgen van marketing en reclame. | 1. Paul ter Heyne, âld-reklameman: De vele negatieve gevolgen vanmarketing en reclame<br>2. Johannes Boonstra, Wetsus Ynnovaasje yn Wettertechnology: In Frysk antwurd op in mondiale útdaging |
| Tiisdei<br>10 maart 2026 | 1. Prof. dr. Mart van Lieburg:Dr. Banga: Verloskunde en vrouwenziektenin 19e-eeuws Franeker<br>2. Dr. Han Nijdam, Fryske Akademy: De dragers fan de Fryske Frijheid (11e – 15eiuw): adel of boeren? | 1. Prof. dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, Fryske Akademy: Frisia en de Vikingtiid<br>2. Prof. dr. Mart van Lieburg: Dr. Banga: Verloskunde en vrouwenziektenin 19e-eeuws Franeker |

## Opjefte & betelje

In ticket foar de Akademylêzingen jout tagong ta seis lêzingen op trije dagen yn Ljouwert of op 'e Jouwer. De kosten foar de hiele rige bedrage € 30,-. It is net mooglik om foar in inkelde lêzing in kaart te keapjen. Foar tickets en mear ynformaasje oer de sprekkers en de lêzingen geane jo nei: www.fryske-akademy.nl/akademylezingen. Het hele programma en begeleidende tekst is hier ook in het Nederlands en Engels te lezen!

fryske akademy



# *Yn petear mei Klaas en Annet yn Idaerd*

**Yn 1996 binne Klaas en Annet de Vries fan De Jouwer yn Idaerd kommen te wenjen. Klaas wurke doe al by Van Vuuren yn Grou en se woene graach in hûs mei in garaazje yn 'e buert keapje. Dat slagge, want it hûs op 'e Pôle, dêr't earder de famylje Engelsma wenne, stie te keap mei in moai rom hiem en romte foar it hynder fan Annet. Yntiid binne de hynders fuort en stean der auto's op it hiem. Nei in pear jier krigen se twa soannen: Jenthe, dy't yn oktober 24 jier wurdt en Feike dy't 21 is; sy binne en fiele harren dan ek echte Idaerders!**

Mei de toanielútfiering fan 'De Vriendenkring' yn it foarjier diene se alle fjouwer mei: Klaas, Annet en Feike spilen mei en Jenthe soarge, lykas de ôfrûne jierren, foar it lûd.
Mar de reden, wêrom't we in jûn by harren sitte, is harren dielnimming oan de Rust 'N Dust Rally yn juny dit jier, in jierlikse, avontuerlike 'roadtrip' mei oppimpte âlde auto's earne yn Europa. De auto's moatte in boujier ha fan foar 2005 en in soart ridend keunstwurk wêze. De auto's stean by harren foar hûs.

## Wa fan jim ha der meidien oan dizze rally?

Klaas: 'We ha alle fjouwer meidien. Ik mei Annet yn de reade Ford Capri fan 1979, Feike mei in froulike ko-piloat út Sweden yn in blauwe Ford Probe út 1996 en Jenthe mei twa freonen yn in foarhinne grize, mar no giel spuite Peugeot 206 SW mei oranje strepen, út 2002. In soart fan 'wegenwachtauto' dus! De rally wie fan 15 o/m 21 juny rjochting Kroäsië en Bosnië, mei de start yn Súd-Dútslân. Annet en ik soene om bar ride, mar dat is wat oars rûn; Annet is in bettere navigator, sadat ik riden ha en sy de rûte yn 'e gaten hold.'

## Hoe kamen jim derby om oan dizze rally mei te dwaan?

'Feike hat ferline jier ek meidien; doe troch Sweden en Noarwegen en nei wat hy doe sa al belibbe hat, waarden Annet en ik ek entûsjast en ek Jenthe en guon freonen. It wie wol even 'wikken en wegen': mei hokker auto sille we meidwaan? We woene ûnderweis graach yn 'e auto sliepe. De Ford Capri stie hjir thús, mar dêr kinne we net yn sliepe. Doe ha we op Marktplaats in tinte fûn en by de kringloop in optearbêd, in ymperiaal en in filmspotlampe foar derop, sadat we by de tinte ek ljocht hiene en wat stickers derop. Sa binne we dochs mei de Ford Capri op 'en paad gong, nei't oare Idaerders en kunde him oppimpt ha mei spreuken. En we waarden stipe troch Van Vuuren. Jenthe soarge noch foar skynwerpers en ljochten foar syn auto.'
Feike: 'Myn auto is ek beplakt mei stickers en ik ha der toeters/klaksons op in kompressor yn montearre, mei it lûd fan 'The Dukes of Hazzard',



sadat we ús ûnderweis hearre litte koene.' It wie dus in hiele tarieding om de auto's foarinoar te krijen en oan de easken te foldwaan: APK-keurd, minstens 20 jier âld en fersekere wêze.

Sa gongen se mei-elkoar de útdaging oan.
Klaas: 'Freed 13 juny binne we mei-elkoar en mei freonen yn fjouwer auto's, by de McDonald's yn Drachten fuortriden, fia Dedemsvaart, om antenne's op te heljen foar 27 MC-bakjes, dêr't we ûnderweis mei-elkoar mei kommunisearje koene. It doel wie om yn twa dagen nei Sigersdorf yn Súd-Dútslân te riden, de earste nacht op in camping te oernachtsjen en de twadde nacht yn in hotel; dêr hiene wy ôfpraat mei de oare twa teams.
De Capri begong ûnderweis yn Dútslân waarm te wurden; de temperatuermeter kaam yn it reade fakje en sa moasten Annet en ik in pear kear stopje, om de motor wer ôfkuolje te litten: de auto oan 'e kant en de motorkape iepen, sadat de waarmte by de motor weigie. En wylst de jonges mei harren freonen oer de sneldyk brûsden, binne wy 'binnentroch' riden. Der wiene mear auto's dy't lêst fan in te waarme motor hiene. De start fan de rally wie op snein 15 juny ûnder Seebruck yn Súd-Dútslân, moarns om 7 oere. Dêrom ha we de twadde nacht yn in hotel sliept, sadat we moarns daliks nei de start koene en net de tinte en oare attributen earst hoegden op te romjen.'

## Wat waard der ûnderweis fan jim ferwachte?

'By de start krigen we stickers, de rûte fan de earste dei mei in rûtebeskriuwing en fjouwer útdagings/opdrachten, lykas foto's meitsje/opdrachten fan en mei bysûndere foarwerpen. Mei de MC-bakjes koene we dingen en tips ûnderweis oan elkoar trochjaan. Alle dagen krigen we wer nije opdrachten en moasten we in pear 100 kilometer ôflizze. Totaal wie de rally in pear tûzen kilometer en nei fiif dagen wie de finish yn Maribor yn Noardeast-Sloveenië. Feike hat, mei syn ko-piloat, de finish helle; wy en Jenthe mei syn maten net.'
Klaas en Annet wiene nei ien dei werom by de start.




De auto waard hieltyd waarm. Se ha der help by hân fan meireizgers en sels fan alles der oan dien, mar de temperatuer gong bûtendoar ek hieltyd mear omheech. Se hawwe Eastenryk helle en de tolpoarte fan de Grossglocknerpas, mar mei in stiging fan 18%, in bûtentemperatuer fan 35° en in autotemperatuer fan 45°, waard de auto hast sloopt en kamen se de berch net op. Se hiene krekt de tol fan de Grossglocknerpas betelle, mar Klaas en Annet binne doe binnentroch werom nei it hotel yn Súd-Dútslân riden, mei ûnderweis ûnwaar en wetter; it wie krekt 'fahren' ...  Se binne de deis derop mar werom nei Fryslân riden, sadat se net mear by de bergen op hoegden. Annet hat mei súkses de tol fan de Grossglockner werom frege en krigen!

Jenthe en syn maten, dy't rieden, binne ek strâne. De oalje waard te waarm en kabels rekken



oantaaste. Se hawwe de motorkape derôf helle, sadat de waarmte fuortkomme koe en binne dêrnei wer trochriden. Underweis mocht snie op radiator ek net bate; de dynamo rekke stikken. Doe ha se it noch besocht mei in aggregaat op it dak, mar doe hold de auto der wer mei op. Feike hat harren holpen mei in sleepstang achter de auto, mar it begûn te reinen, de akku rekke leech en it wie net feilich mear. Midden yn 'e nacht ha de maten doe fia tige min ynternet in Airbnb fûn. Dêr moasten se nachts in kaai út in kastje helje en doe koene Jenthe en syn maten harren úteinlik deljaan. Sa wiene se nei de earste rallydei al twa auto's kwyt.
Foar Feike en syn freon moast it sliepen noch efkes wachtsje. Sy rieden dy nacht fan Eastenryk, troch Italië nei Sloveenië, dêr't se de earste nacht om healwei fjouweren oankamen, mei de bagaazje fan heit en mem noch yn 'e auto ...

Klaas en Annet ha op 'e tredde dei yn Dútslân in grutte auto hierd (in Ford Focus) om Jenthe en syn maten op te heljen, 4 oant 5 oeren riden, de spullen

fan de mannen ynladen en werom riden nei harren Ford Capri yn Sigersdorf. Jenthe en syn maten ha de hierauto nei it noarden fan Dútslân riden en dêr wer ynlevere. In muoike fan ien fan dy jonges wennet flakby de Nederlânske grins yn Noard-Dútslân en dy hat harren werom nei Idaerd brocht.

